

DÉ RING FAN FRYSLÂN



Te keap yn ús winkel en
fia pompebledsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE

WATZEVANDERWAL.NL

2024
2025


RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

53

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



DE GRAAF

PIANO'S & VLEUGELS

VERKOOP EN VERHUUR



Sinds 1951 het adres voor

STEMMEN EN ONDERHOUD

Hanekamp 8 8023 TH Zwolle, telefoon (038) 453 55 87
info @degraafmuziek.nl



BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42	7951 JG Staphorst
	janendjoke@home.nl	/ 0522 464718	/ 06 14268993
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23	7721 HA Dalfsen
	henmmonkel@kpnmail.nl	/ 0529 433175	/ 06 30888376
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15	8043 AZ Zwolle
	jolandalootens@live.nl	06 47585240	
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10	7722 LX Hoonhorst
	sdabakker@outlook.com	/ 0529 401683	/ 06 57255999
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5	8131 CZ Wijhe
	janterkkuipers@gmail.com	/ 0570 522329	/ 06 42275636
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103	8021 HD Zwolle
	annetnieuw@planet.nl	/ 038 4537836	

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSONEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Hatterum	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

Zwolle

Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. van Slageren	Lorentzlaan 34	038 4529353
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Westenholte en Spoolde	hear H. van der Zee	Bouwkamplaan 6	038 4223588
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear G. Jellema	Westerbergmate 49	038 4657561



MEIDIJELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 53
nûmer 1

Oprjochte 8 febrewaris 1899

wynmoanne 2024

FIERDER NEI 125 JIER

Ferline jier, by it krystmiel yn 'Het Roode Hert', krige ik fan ús lid Harmen van der Zee in kolum fan Wim Beekman, dy't yn de Ljouwerter Krante fan 11 maart 2023 stie. Beekman reizgje troch it Zillertal yn Eastenryk. Yn de Burgkapel op de Cavalerieberg lies er in bysûnder ferhaal oer de 'Treinreis fan it libben'. It ferhaal lit de wearde fan de inkeling sjen en de krêft fan it byinoar wêzen.

'It libben is in treinreis, mei al syn stasjons en omwegen. Wy stappe yn, moetsje in famylje en tinke dat sy altyd mei ús mei reizgje sil. Mar op it ien of oare stasjon sil se útstappe en wy moatte sûnder harren fierder reizgje. Oare reizgers sille wer ynstappe, ús freonen, buorlju, kollega's, leafsten en faaks ek de leafde fan ús libben. Guon sille wer útstappe en in grutte leechte efterlitte. Fan oaren sille wy amper weet hawwe dat se de trein ferlitten hawwe. De reis is fol nocht, wille en fertriet, begroeting en ôfskied. It giet der om datst mei in soad reizgers in goede bân opbouwst. It wichtichste is, dat wy de oanwêzigens fan elk minske yn ús libben as in kostber gesink sjogge dat weardefol foar ússels is. It grutte riedsel is, dat wy nea witte op hokker stasjon wy sels útstappe sil. Litte wy dêrom libje, leaf hawwe, ferjaan en altyd it bêste jaan. Want dan, as it momint kommen is dat wy de trein ferlitte moatte en ús plak leech wêze sil, sille inkeld goede oantinkens oan ús bliuwe. En de trein fan it libben sil foar altyd dêrmei fierder reizgje.'

Dy trein kin ek sjoen wurde as in metafoar fan ús Frysk Selskip. Doe't it yn 1899 oan syn reis begûn, stapt der fuortdaliks 17 minsken yn. Op it folgjende stasjon stapt der nochris 53 yn. Mei harren santigen reizgen se fierder. Dy santich hawwe de trein ûnderwilens allegearre ferlitten. Mar der stapt ek wer reizgers yn. Oant de trein yn de tachtiger jierren fan de foarige iuw mei fiifhûndert minsken grôtfol siet. Se woene allegear mei en genietsje fan it prachtige Fryske kulturele lânskip dêr't de trein trochhinne ried. De jierren dêrnei ferlieten in soad minsken de trein lykwols ek wer. Dy't sitten bleaune, reizgen fierder mei oantinkens oan harren. Mar de trein fan it Frysk Selskip Swol sil, oars as de trein fan it libben, nei alle gedachten net foar altyd fierder reizgje. Mar om't wy net yn de takomst sjen kinne, witte wy net wannear't er syn einstasjon berikke sil. Hy is no ûnderweis nei it earstfolgjende stasjon; **'freed-25-oktober-2024'**. Dan kinne de reizgers wer genietsje fan in bysûnder en nijsgjirrich stikje Fryske skiednis.

FERSLACH REISKE FRYSK SJONGKOAR SWOL

Dizze kear is ús jierlikse reiske op 'e 26^e fan 'e gersmoanne. Ja, ik moat dat soarte fan dingen útsykje en dan is Google myn freon. Dochs fyn ik it sa moai, dat ik dat dan wol doch; sykje.

Mar hawar, wy sille nei ús moaie Fryske lân en wol nei Bûtenpost. Mei in foar ús nije busmaatskippij. Moarns stappe wy wer yn by 'Het Anker'. Wa't noch nedich moat, kin dat noch dwaan. Om njoggen oere rydt de bus moai op tiid fuort. Wy ride troch de bollestreken yn 'e polder, mar wy sjogge net folle om ús hinne, want jimme kinne begripe dat wy genôch te bepraten hawwe. Ek stekke wy mei nocht de gek mei-inoar oan, wy hâlde fan in grapke.

Mei kofjettiid komme wy oan by 'De Spitkeet' yn De Harkema. Dêr is lekkere kofje mei oranjekoeke fansels. Wy binne net foar neat in dei út en dan kin it wat lije.



Foto's: Jolanda Lootens

Yn trije groepen geane wy dêrnei útinoar om in rûnlieding te krijen oer dit moaie park mei in protte oantinkens foar mannichien fan ús. Foar my stiene de oanspikere mollefeltsjes wol as in hichtepuntsje. Us heit hat fan syn pake in mûtse fan mollefel. As jong famke wie ik sljocht op dy mûtse, sa sacht as dy wie. Sa'n mûtse hie gjin ien oare heit! (Ik bin opgroeid yn Amersfoort.)

In protte âlde fruitbeammen, âld ark, fansels âlde hutten en húskes en de lettere nijmoarderige wenten. Elts hie wol in ferhaal of oantinkens. It is nijsgjirrich om dêr ris rûn te rinnen. It middeismiel mei sop en lekkere broadjes mei fleis, tsiis, sûkerbôle, sûpe, molke ... wy koenen it der wol sêd fan krije.

(lês fierder op side 3)

FRYSKE MIENSKIP

Minder ite en mear bewege is de iennige oplossing om net te swier te wurden. Dat wurdt der alteast troch wittenskippers en oare selsbeneamde saakkundigen bewearde. Mear bewege kin bygelyks troch by ús alve stêden lâns te kuierjen of te fytsen (fan reedriden komt net folle) of ris mei te dwaan oan de Slachte. No,



dat lêste haw ik, tegearre mei myn broer, op 15 juny dien. Goed 42 kilometer yn rein en wyn troch it moaie Fryske lânskip kuierje. Moarns jaget de iene bui de oare en hellet de wyn by fleagen krêft sân en acht. Nei de earste kilometers rint it wetter my al ta de boksen út. Ast dan hjir en dêr ek noch troch de dridze fan net ferhurde paden rinst, moast goed útsjen wêr'st rinst en sjochst fan dat moaie lânskip net folle. Foardatst it witst, leist op 'e snút

yn 'e blabber. Der is lykwols gjin minske dy't krimmenearret. Sa kuierje wy, mei noch sa'n tsientûzen oaren, mei in goed sin by pleatsen en doarpen del, oanfiterre troch bewenners en begelaat troch muzyk en sang. Wylst it wer ris reint dat it wisket, spilet in korps 'O, wat is het leven fijn als de zon schijnt', fan André van Duin. Wa seit dat Friezen gjin gefoel foar humor hawwe?! Underweis krije we stipe fan ús froulju en by Boazum steane, as ferrassing foar my, myn beide jongste pakesizzers fan acht en njoggen oan 'e kant fan de wei. Mei 'papa en mama' binne se út Amsterdam kommen om pake oan te fiterjen. De lêste kilometers nei Raerd rin ik dan ek op wjukken.



Dizze Slachte wie der ien foar trochsetters, kopte de Ljouwerter krante. Mar dat er no echt swier wie, sis ik net. Ik hie mear te dwaan mei de bouboeren. De fuorgen op it ierappellân stiene heal fol wetter en de biten stutsen mei de kop boppe it wetter út as rys op de sawa's yn Yndonezië. Wêr moat dat mei it gewaaks hinne, frege ik my ôf. Hooplik hat de natuer it goed mei de boeren foar en komt it dochs noch goed. Sa't it mei de hiele organisaasje ek goed kaam. Wat hawwe al dy frijwilligers in hûd fol (ekstra) wurk ferset, om alles foarinoar te krijen en goed ferrinne te litten. By Raerd hiene se mei rydplaten provisoaryske paden yn 'e greiden lein. En njonken de paden striede, dêr't de auto's op stean koene. Oars sakken se fuort. En wat wie it spitich foar de ynwenners fan de doarpen, dy't alle war dien hawwe om der in moai feest fan te meitsjen, dat it waar spulbrekker wie. Se lieten har der lykwols net troch út it fjild slaan. Dat diene al dy lju, dy't de Slachte mei alderhande kulturele uteringen opfleuren ek net. Elkenien wurke fol entûsjasme mei. Hulde oan al dy minsken. In treflik bewiis fan Fryske mienskip.

(JB)



Wa't op de digitale webside 'It Nijs' fan de Ried fan de Fryske Beweging abonnearre wie, is der mei op 'e hichte, dat de namme yn maaie feroare is yn 'Goeie'. It is grif in gefolch fan de ferjongingskuier dy't it bestjoer fan de Ried en de redaksje fan de webside ûndergien hat. Sjirk Eildert Bruinsma fan Drachten is de hjoeddeiske foarsitter. Hy is mear as fyftich jier jonger as syn foargonger Pier Bergsma. It hat wat fan in generaasjewiksel. Sjirk is polityk aktyf foar D66. Hy komt út in Frysk fermidden. Syn heit wie gemeentedichter fan Smellingerlân en syn pake, Klaas Bruinsma, makke Fryske oersettings fan wurken út de klassike âldheid, lykas de Ilias en de Odyssee fan Homerus. Tenei hjit de Ried koartwei 'De Fryske Beweging'. By de nije namme heart ek in nij logo; in sweltsje yn in pompeblêd.

Mei de feroaring fan de namme is de ynhâld fan de webside ek folslein feroare. Under it biedwurd (de slogan) 'Foar de rykdom fan Fryslân' stiet der no yn haadsaak nijsgjirrich nijs op, oer alles wat mei Fryslân en de Fryske taal te krijen hat.



Boarne: Goeie.frl

Nijsgjirrich wurden? Gean dan gau nei www.goeie.frl

FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLÂN



De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180. In mail nei freonen@omropfryslan.nl en oanmelde fia de webside kin ek.

(ferfolch fan side 2)

Dêrnei wer yn 'e bus nei it Haersmahiem yn Bûtenpost. Der wiene aardich wat minsken dy't wol nei ús optreden útseagen. Wat famylje fan dizze en jinge. Dat is meast sa aardich! In hiel grappich foarfal wie, dat Pieter Postma in ferske hie oer iis en patat. No hiene wy ek ús eigen publyk mei. Sy krigen in boerd yn 'e hannen en as wy 'iis' songen moast it boerd fan iis omheech en mei 'patat' fansels dat fan patat. Dat soks net alle kearen goed gong, kinne jimme begripe. Dat guon fan ús net hiel suver songen om't se laitsje moasten, foel net echt op. Dat wie ek wer in slagge optreden. Waarm is it meastentiids wol yn sa'n tehûs en dan is it noflik noch efkes bûten in eintsje te rinnen nei de bus dy't ús wer nei Swol bringe sil. In skoftsje letter, as yn earsten betocht, komme wy oan yn Het Anker dêr't it buffet al foar ús klear stiet. In moaie ôfslúter fan it sjongjier, dêr't wy ús jubileum én it jubileum fan it Selskip mei-inoar yn fiere mochten!!

Mochten jimme ek ris lekker sjonge wolle en/of mei sa'n gesellich reisje mei wolle? Nim ris kontakt op mei Jelma Wiegersma of Jolanda Lootens. Plak genôch op ús gesellige koar!


Mei hertlike groetnis út namme fan it Frysk Sjongkoar Swol.

Jolanda

Ofstamming

*Myn heite-heite-heit
Wie âlde keapman Jisk,
Myn heite-heite-mem
Wie âlde oate Fetsje.
Ik stamje nuver ôf,
Jim kinn' dat no wol fetsje,
Ik bin in berns-berns-bern
Fan't âlde Jiske-fetsje!*

W.J. koopmans (Akkrum)
Oernommen út Friesland-Post
Boarne: afûk



*Myn ôfstamming is
te finen yn it Fries
Rundvee Stamboek*



SIPPY TIGCHELAAR

Sippy Tigchelaar. Wa kin har net? Is it net fan it reedriden, dan is it wol as ferslachjouwer by de NOS en/of Omrop Fryslân.

Sippy wurdt berne yn Fryslân en as se in heal jier âld is, ferhúzje har heit en mem nei de Noardeastpolder, nei Tollebeek. Op dat flakke, keale en winerige lân groeit se op. "Ik wie in echt bûtenfamke", fertelt se. "Mei myn freondintsje boarte ik altyd bûten: hutten bouwe,

dingen ferstoppe en letter wer opsykje. Wy sieten fol fantasij en koene ús bûten tige fermeitsje." It reedriden leart se fan har heit, dy't har al op jonge leeftiid meinimt om tochten te riden. "Wy hiene doe noch echte winters. As it sterk iis wie, dan gie ik te riden op de iisbaan hjir yn Tollebeek. En dan ried ik troch oant it net mear koe. Myn hannen en fuotten wiene dan hast beferzen, salang wie ik trochgien."

As Sippy 15 jier is, wurdt sy lid fan de iisklup yn Emmeloord en giet se in pear kear wyks nei de keunstiisbaan op It Hearrenfean om te trainen. It riden waard doe serieuus oppakt en al gau docht bliken dat sy talint hat. As junioare rydt se har yn de kearnploech en mei se yn 1972 mei nei de Olympyske Spelen yn Sapporo yn Japan. De 3000 meter is de iennige ôfstân dêr't se op útkomt en dy wurdt pas oan 'e ein fan de Spelen ferriden. Oant dy tiid docht se har trainingen en se spaant yn it olympysk doarp om. "Achterôf sjoen, tink ik dat ik wol wat begelieding ha kinnen hie. Ik rûn dêr as jong famke om, fûn alles prachtich en ha mei in hiel soad sporters praat. Yn Sapporo learde ik wat fan de wrâld." Uteinlik wurdt Sippy Tigchelaar fjirde op de 3000 meter, dy't wûn wurdt troch Stien Baas-Kaiser. De jierren dêrnei wurdt Tigchelaar hieltyd better en yn 1975 rydt se al har persoanlike rekôrs. Op de 3000 meter is dat tagelyk in Nederlânsk rekôr. Mar sy hat muoite mei de trainer fan de kearnploech. As de KNSB beslút, dat hy syn kontrakt oant en mei de Spelen fan 1976 útsjinje kin, spant Sippy in koart pleit oan tsjin it reedrydbûn. Se wint it pleit, mar it hat har tarieding op it NK en de Olympyske Spelen sa bot fersteurd, dat se beslút om dy Spelen rinne te litten.

Mar al gau kloppet de NOS oan har doar en freget har om as ko-kommitator fan Theo Koomen ferslach te dwaan fan reedrydwedstriden. Sa rôlet se yn de radiowrâld. Ek foar Radio Noord makket se programma's en as de fraach komt fan Radio Fryslân, docht se in Afûk-kursus Frysk, leart Frysk praten en giet oan 'e slach foar ús eigen Omrop.

(lês fierder op side 5)



It lot fan Tea

*'k Wol it lot fan Tea besjonge;
Stoerder fisker wie der net.
Hy ferlear, in foege jonge,
oan 'e Sudersee syn hert.
Sudersee, dyn skomjend wiid,
't Is in sang út âlde tiid.*

Fedde Schurer

Al mear as tweintich jier sjonge de leden fan it **Frysk Sjongkoar Swol**, mei in soad nocht en wille, alderhande bekende en minder bekende Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht net lid te wêzen fan it Frysk Selskip Swol. Men hoecht sels de Fryske taal net machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

Sa no en dan fersoarget it koar in optreden yn Swol of earne oars. Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Neist it opsniven fan in stikje kultuer of histoarje, songt it koar dan yn in fersoargingshûs in tal Fryske lieten. Dat dit tige op priis steld wurdt, litte de bewenners blike troch gauris mei te sjongen. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10.00 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.



**Kom earst mar ris nei in repetysje.
Dat jout fierders gjin ferplichting.**

Nim foar mear ynformaasje kontakt op
mei ien fan dizze minsken



Douwe Boersma
Jolanda Lootens
Jelma Wiegiersma

foarsitter / skriuwer
pongâlder
diriginte

0523 656802
06 47585240
06 19506520

SCHIPPERSVROUWEN

Yn it boek '**Schippersvrouwen**' fan Sippy Tigchelaar en Alice Booij (Snitser mei hert en siel), komme fyftjin froulju fan skûtsjeskippers oan it wurd oer it libben oan board fan in skûtsje. Der waard hiel wat fan de froulju frege. Se moasten sterk wêze en fleksibel. Se moasten planne kinne en multytaske. Want harren taak oan board feroare hieltyd, fan wurkje oan it skip, stjoere en lade, nei húshâldlike taken en soargje foar de bern.

Sa fertelt Akke Hoekstra dat se as bern fan 13 en 16 jier meiwurken as wiene se folwoeksen. "Heit wie der net mear, want dy wie al jong stoarn. Wy berêden mei ús mem alles. Dat wie unyk fansels." Anna van der Ploeg beskriuwt hoe't de plysje in kear by har delkaam. Se leine doe mei it skûtsje oan de Emmakade yn Ljouwert en de 'gegoede burgerij' woe net útsjen op in line fol mei wask fan ruften en ûnderbroeken. Wy wiene de sigeuners fan it wetter." "Se hawwe har echt wol diskriminearre field", fertelt Sippy Tigchelaar.

It is opmerklik hoevolle oft de froulju, dy't al op hege leeftiid binne, noch witte fan dy tiid. "As wy by sa'n frou del kamen, dan sei se dat der eins neat te fertellen wie. Mar as se dan ien kear oantinkens ophelje, dan folge it iene nei it oare. It iene wakkere it oare oan en sa hawwe wy prachtige ferhalen boppe wetter krigen."

Oer it generaal fertelle de froulju oer in swier en hurd libben. Se sjogge wol allegearre werom op in lokkige bernetiid. Se giene net faak nei skoalle. Allinne as se earne twa dagen of langer foar de wâl leine, giene se nei in skoalle ta. Faak kamen se dan achtern de klasse te sitten, want foar in ûnderwizer wie der net folle eare oan te beheljen.

Anna van der Ploeg fertelt ek dat har mem in hiel swier libben hân hat: "Se hie fiif bern en moast heit meihelpe. Sa moast sy altyd it skûtsje troch de brêge farre, want dêr wie sy folle tûker yn as heit."

Mei it optekenjen fan de ferhalen fan de skippersfroulju is in gat folle en dêr binne de skriuwers bliid om. "Wy wiene miskien al wat oan de lette kant, mar ik bin bliid dat we noch fyftjin froulju fine koene dy't allegear prachtige ferhalen ferteld hawwe", seit Sippy Tigchelaar.

Mei dit boek is rjocht dien oan al dy skippersfroulju.

(JB)

(ferfolch fan side 4)

By Radio Fryslân en letter Omrop Fryslân hat Tigchelaar in hiel soad programma's makke. Simmerdeis sit se tegearre mei Klaas Jansma yn in boatsje (foto) op it wetter om ferslach te dwaan fan it skûtsjesilen. Sy is de fêste ferslachjouwer by it reedriden en dêrnjonken makket se kulturele en ferdjipjende programma's.



(foto: omropfryslân.nl)

"Ik bin noch trije kear frege troch de NOS om by har te kommen om op de sportredaksje te wurkjen, mar dat is my te smel. Allinnich mar sport fyn ik fierstente beheind", fertelt se.

Wat it moaiste is, dat se dien hat, kin se net sizze. "Fansels wiene de Alvestêdetochten geweldich. Ik ha der trije meimakke en trije kear op de Bonke stien, mar oft dat no echt it moaiste wie... nee, dat wit ik net. It skûtsjesilen wie ek geweldich en oare eveneminten ek. Mar ik fûn it ek prachtich om in moaie dokumintêre te meitsjen."

Nei 37 jier Omrop Fryslân seit se har fêste baan op en giet se fierder as zyp'er. "Nei safolle jier krijst it gefoel datst alles al ris meimakke hast en dan is it tiid om op te hâlden." Mar echt ôphâlde of rêstich oan dwaan, docht se net. "Dat kin ik net. Ik doch altyd wat en ik tink ek dat it net goed is foar in mins om neat te dwaan. Dat is yn elts gefal net goed foar my."

Tigchelaar is al jierren bestjoerslid / foarsitter fan de stichting Foar de Neiteam dy't him dwaande hâldt mei it fêstlizzen, dokumintearjen en it oerdragen fan histoaryske gegevens fan skûtsjes. "Der binne 870 skûtsjes boud. Fan 519 hawwe wy no alle gegevens opspoard", fertelt Sippy.



It boek© Martin de Jong

Koartlyn hat Sippy Tigchelaar tegearre mei Alice Booij in boek útbrocht oer skippersfroulju; '**Schippersvrouwen**'. It bestiet út fyftjin bysûndere portretten fan froulju fan skûtsjeskippers, dy't fertelle oer harren libben oan board fan skûtsjes. Lês mear oer it boek op side 8.

Freed 25 oktober 2024 14.00 oere (ynrin fan 13.30 oere ôf) yn 'De Weijenbelt'

Campherbeeklaan 82, Zwolle

LEDEGEARKOMSTE FRYSK SELSKIP SWOL

WURKLIST:

1. Iepening en meidielings
2. Ferslach fan de ledegearkomste (*sjoch it 1^{ste} krantsje 2023/2024*)
3. Jierferslach 2023-2024 fan de skriuwer (*de fiif krantsjes en nijsbrieven fan 2023-2024*)
4. Jierferslach 2023-2024 fan de ponghâlder (*is middeis beskikber*)
5. Ferslach fan rekkenopnimmers Gerrit Jellema en Jaap van Slageren
Gerrit Jellema is ôfgeand. Reserve-rekkenopnimmer is Jan Eppinga.
6. Beneaming fan in nije reserve-rekkenopnimmer.
7. Bestjoersferkiezing
Henk Monkel is ôfgeand en op 'e nij foar trije jier yn te hieren.
Beswieren en/of (tsjin)kandidaten kinne foar 25 oktober 2024 yntsjinne wurde by de skriuwer.
8. Winterskoft 2024/2025
25 oktober 2024 ledegearkomste, Frysk Sjongkoar Swol en Sippy Tigchelaar.
19 desimber krystmiel mei optredens fan it Frysk Sjongkoar Swol yn Restaurant 'Het Roode Hert', Hessenweg 41, Dalfsen.
31 jannewaris 2025 nijjersmiddei mei ??
28 maart 2025 mei ??
9. Ynlage foar it winterskoft 2024-2025
It útstel is om de ynlage fan € 38.-- de man/frou net te ferheegjen.
10. Begrutting fan it winterskoft 2024-2025 (*is middeis beskikber*)
11. Rûnfraach
12. Sluting



Nei it skoft fertelt *Sippy Tigchelaar* oer it libben fan de skûtsjeskipperskes yn 'e tiid, dat der foar it deistich brea fearn waard. Ferhalen dy't sy en Alice Booij sammele hawwe yn it boek *'Schipper vrouwen'*.



Alice Booij (lofts) en Sippy Tigchelaar (foto: www.skutsjesilen.nl)

Optreden fan it



EN ... DER IS DIZZE MIDDEI IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !!!